

EARETJINST YN DE ST JAN FAN DEINUM

op snein 13 juli 2025



foargonger: ds Wiebrig de Boer-Romkema

oargelist: Rinze Leeverink

lektor: Renske van der Meer

Oargelspyljen

Wolkom en meidielings

Sjonge: liet 2: 1,2,4 – Tuskentiden

O Hear, ús Hear, hoe nei is jo namme,
net út te sprekken sa tichtby.
Jo binne altyd mei ús dwaande,
ûnder jo wjukken rêste wy.

Jo binn' net fier fan wa't Jo oanbidde,
net minskeskou yn heech bestel.
Jo binne hiem yn ús fermidden,
dat ek dit liet wol yn Jo del.

Jo binne djip yn alles ferburgen,
yn al wat is en him ûntjout.
Mar minsken binn' Jo thús by wurden,
mei hert en siele oan ús troud.

Bemoediging en drompelbea

F: Ús help is yn de namme fan de Hear

A: DY'T HIMEL EN IERDE MAKKE HAT

F: Lit ús jo jefte priuwe dat frede ús eigen wurdt

A: DAT JO NAMME KLOPPET YN ÚS BLOED

Nei psalm 85 yn 'e bewurking fan Jan Dotinga

Gebed om ûntferming

Tsjinstboek 22: Om alle pine en smert (*I foargonger II gemeente*)

I
Om al - le pine en smert, jou acht op ús ge-bed: Hear,

II I
fer - jit ús net, Hear, fer - jit ús net! Ky - ri - e

II I
e - lei - son. Ky - ri - e e - lei - son. Om hert-sear op

ú s wei, Jo sjog-ge 't dei oan dei: Hear, bliuw Jo ús nei,

II I II
Hear, bliuw Jo ús nei! Chris-te e - lei - son. Chris-te e -

I
lei - son. Om al - le need en kwea, foar lyts en grut ús

II
bea: Hear, fer-driuw de dea, Hear, fer-driuw de dea.

I II
Ky - ri - e e - lei-son. Ky - ri - e e - lei-son!

Gloria: liet 103e – Bless the Lord, my soul

in oantal kearen songen

Loovje God, myn siel en segenje syn namme.

Loovje God, myn siel, dy't my it libben jout.

IT WURD

Lêzing út it Earste Testamint (*lektor*)

Deuteronomium 30: 9 o.m. 14

⁹Dan sil de Heare dy tige foarspoedich meitsje yn alles datst ûndernimst, yn 'e frucht fan dyn skurte, yn 'e opbringst fan dyn fee en yn 'e opbringst fan dyn grûn. Want op 'e nij sil de Heare syn wille oan dy hawwe, ta dyn bêst, lykas Hy syn wille hân hat oan dyn foarfaars. ¹⁰Mar dan moatst harkje nei wat de Heare dyn God seit, en syn geboaden en foarskriften, dy't yn dit wetboek beskreaun steane, ûnderhâlde, omdatst dy bekeard hast ta de Heare dyn God mei dyn hiele hert en siel.

De twa wegen

¹¹Dit gebod ommers, dat ik dy hjoed gebied, is dy net te mânsk en it stiet net te fier fan dy ôf. ¹²It is net yn 'e himel, datsto sizze moatst: Wa sil foar ús nei de himel farre, it foar ús ophelje en it ús hearre litte, dat wy dat neikomme kinne? ¹³It leit ek net oan 'e oare kant de see, datsto sizze moatst: Wa sil foar ús oerstekke nei de oare kant fan 'e see, it foar ús ophelje en it ús hearre litte, dat wy dat neikomme kinne? ¹⁴Nee, it wurd is deun by dy, yn dyn mûle en yn dyn herte, dat do kinst it neikomme.

Sjonge: liet 334 *Op ien stim en dêrnei yn canon*

Lêzing út it Twadde Testamint (*lektor*)

Lukas 10, de fersen 21 en 25 o.m. 37

²¹Doe wie it ek, dat Er optein troch de hillige Geast útrôp: Ik loovje Jo, Heit, Hear fan himel en ierde: Jo hawwe dy dingen foar wizen en gelearden ferburgen hâlden en se ienfâldigen iepenbiere. Ja, myn Heit, sa woenen Jo it hawwe.

De barmhertige Samaritaan

²⁵Doe kaam in wetgelearde oerein om Him te hifkjen en sei: Master, wat moat ik dwaan om diel te krijen oan it ivige libben? ²⁶Jezus sei tsjin him: Wat stiet der yn 'e Wet? Wat lêze jo dêr? ²⁷Hy antwurde: Do silst de Hear, dyn God, leafhawwe mei dyn hiele hert, dyn hiele siel, dyn hiele krêft, dyn hiele ferstân en dyn neiste sa ast dysels leafhast. ²⁸Jezus sei tsjin him: Dat is it goede antwurd.

Doch it sa en jo sille it libben hâlde. ²⁹Mar hy woe himsels grut hâlde en sei tsjin Jezus: En wa is myn neiste?

³⁰Doe naam Jezus wer it wurd en sei: Der wie ris in man, dy reizge fan Jeruzalem nei Jericho. Underweis foel er yn 'e hannen fan rovers. Dy klaaiden him út, rân-selen him ôf, en doe't se fuortgongen, lieten se him healdea lizze. ³¹Tafallich kaam der in pryster lâns. Dy seach him wol, mar rûn oan 'e oare kant fan 'e wei foarby. ³²Sa kaam der ek in levyt by dat plak lâns. Doe't dy him seach, rûn er ek oan 'e kant fan 'e wei foarby.

³³Mar der kaam ek in Samaritaan, dy't ûnderweis wie, by him lâns. Doe't dy him seach, krige er tige mei him te dwaan. ³⁴Hy gong nei him ta, geat oliveolje en wyn yn syn wûnen en ferbûn dy. Doe sette er him op syn eigen ryddier, brocht him yn in herberge en soarge foar him. ³⁵De oare moarns helle er twa denarjes foar 't ljocht en joech dy oan 'e kastlein mei de wurden: Pas goed op him, en as jo mear kosten hawwe, sil ik jo dy op 'e weromreis betelje. ³⁶Wa fan dy trije tinkt jo, is no de neiste fan 'e man dy't yn rovershannen fallen wie? ³⁷Hy sei: Dy't him út meilijen holpen hat. Doe sei Jezus tsjin him: Doch jo tenei ek sa.

Zingen: lied 252 – Zangen van zoeken en zien, oecumenische liedbundel

tekst: A. van Ligten - muziek: Argentinië

1. Be - hoed en be - waar Jij ons lie - ve God,
wijs Jij ons de goe - de we - gen,
Wil in de woes - tijt het man - na zijn,
om - geef jij ons met jouw ze - gen.
Wil in de woes - tijt het man - na zijn,
om - geef jij ons met jouw ze - gen.

2. Behoed en bewaar jij ons, lieve God,
wees met ons in al het lijden.

Wees warmte en licht,

een menslijk gezicht

nabij ons in donkere tijden. 2x

3. Behoed en bewaar jij ons, lieve God
en geef geloof en vertrouwen: -

een vlam die niet dooft,

in vrede gelooft.

Geef dat wij daar zelf aan bouwen. 2x

4. Behoed en bewaar jij ons, lieve God,
omgeef jij ons met jouw zegen.

Wil in de woestijn

een bron voor ons zijn

en zet ons op nieuwe wegen. 2x

Preek - (in het Nederlands)

Stilte

Oargelspyljen

IT DIELEN

Taljochting op de diakonale kollekte (PKN missionair werk NL)*

Gebeden

Tafelgebed – 403 E – lieteboek - sprutsen

F: Bring tank oan God, want Hy is goed.

A: Syn leafde is de ein fan wei.

F: Wy seingje Jo, machtige God, om it ljocht fan dizze dei,
om it libben út Jo hân, om de leafde dy't ús jûn is

A: Wy seingje Jo, machtige God.

- F: Wy seingje Jo, ivige God,
om de wurken dy't Jo dogge,
om de rêding dy't ús brocht is,
om jo wurd dat rjochting jout.
- A: Wy seingje Jo, ivige God en sjonge:

Sjonge: liet 405: 3

Hillich, hillich, hillich! Wat wy ek besykje,
nimmen op ierde ferstiet Jo majesteit.
Inkeld Jo binn' hillich, wa kin Jo belykje?
Ien en al fjoer en leafde-en suverheid.

- F: Wy seinigje Jo, hillige God,
om de minske nei jo hert,
jo Soan, dy't ús stjoerd is,
Jezus Kristus, ús Heilân,
- A: Wy seingje Jo, hillige God
- F: dy't op de jûn foar syn lijen
it brea nommen hat, brutsen,
en it dielde mei syn freonen:
'Nim en yt, myn lichem foar jim.'
- A: Wy tankje Jo, God fan ús heil.
- F: Dy't de beker nommen hat
en him dielde myn syn freonen:
'It nije ferbûn yn myn bloed,
fergetten ta ferjouwing en fersoening.'
- A: Wy tankje Jo, God fan ús heil
- F: Wy seingje Jo, fanwegen Him
dy't wy hjir en no betinke
mei dit brea en dizze beker.
- A: Stjoer Jo Geast yn ús fermidden.
- F: Foegje ús gear ta ien lichem
dat trillet fan libben en geastkrêft,
mei hannen dy't gerjochtigheid dogge
en fuotten dy't geane op de wei fan de frede.

A: Foegje ús gear, dat wy wer libje.
F: Sa loovje en seingje wy Jo
mei elkenien yn himel en op ierde,
want Hy is ús rêder en befrijer,
Jezus Kristus, jo Soan en ús Hear.
A: Oan Jo de ear, de macht, de gloarje.

Ús Heit

Fredegroet

v: De frede van Kristus sil altyd mei dy wêze
a: en ek mei dy

It dielen (*ûnder oargelspyljen*)

Slotliet: liet 416: 1,2,4

Hear, wês mei ús oant' in oare kear, wol oant wersjen oer ús weitsje; lit gjin kwea ús rigen reitsje. Hear, wês mei ús oant in oare kear.	Hear, wês mei ús oant in oare kear, wol ús mei jo wjukken hoedzje, stypje as de stoarmen woedzje. Hear, wês mei ús oant in oare kear.
--	--

Hear, wês mei ús oant in oare kear,
as wy wurch en warleas binne,
lit ús dan troch Jo oerwinne.
Hear, wês mei ús oant in oare kear.

Útstjoering en seine . *Beantwurde mei it sjongen fan:*

De frede fan 'e greiden wês oer dy,
de frede fan mar en lân;
de frede fan 'e loften wês oer dy,
de frede fan waad en strân.
Djippe frede mei komme oer dy.
Mei Gods frede no groeie yn dy.

Banknummer Diaconie Terpoarte: NL47RABO0313 2001 81 *

Banknummer Kerk Terpoarte: NL88RABO0119 3579 41

Website: www.terpoarte.nl